



### FAN IT BESTJOER

It bestjoer hat op 26 april l.l. byinoar west by Yede oan hûs om wer geskikte sprekkers foar ús jûnen út te sykjen. Wij binne der wer yn slagge en geane der fan út dat der foar elkenien wol wer wat by is. Yede vd. Veen (foarsitter en tydlik skriuwer), Bart van der Wyk (pongêlder) binne it deistich bestjoer en Anna Hemstra-de Jong, Bauke Lageveen en Frans Bakker meitsje it bestjoer folslein. Op de earste jûn folgje neiere meidielings oer de gearstalling fan it bestjoer.

### WURKLIST FOAR IT WINTERSKOFT 2018 – 2019

It plak: De grutte seal fan Hotel Oostergoo, alle jûnen begjinne om healwei achten.  
Ynformaasje : It Skûtsje 45, 9001 HH Grou, tillefoan 0566-622492

#### **Tongersdei 1 novimber.**

‘De ziel van het Theehuis’ is de titel fan in boek skreaun troch **Eddy van der Noord** dat ein fan dit jier ferskine sil. Hy sil der jûn mear oer fertelle. Ferhalen oer de histoarje fan it gebou, mar foaral oer de minsken. Eigners, pachters, besikers. Fan Bangma oant en mei Warmerdam en Slump. Fan De Jong en Dijkstra oant en mei Osinga. Ferhalen oer skûtsjes, reedride, feesten en bysûndere gasten.

Nei it skoft komt **Tjalling Halbertsma** oan it wurd. Hy sil ferhale oer syn bernejierren hjir yn Grou. Oer wêrom de hoanne fan de Sint Piter by harren yn hûs stie. Dêrnêst sil hy it hawwe oer Joast Halbertsma en jild. In tige nijsgjirrige kombynaasje, wêr’t Tjalling jo mei ferrasse sil.

#### **Tongersdei 13 desimber.**

In soad minsken sille der net by stil stien hawwe en it miskien ek net iens witte, mar it spoar is krekt dit jier 150 jier ferlyn oanlein. We kamen doe al wat efteroan, want de alderearste trein yn Nederlân riedt doe al sa’n 30 jier. Ien dy’t in hiel soad fertelle en sjen litte kin oer it stik spoar tusken Ljouwert en It Hearrenfean is **Hans Elzinga**. Dus jûn in fotoreis met ferhalen fan in jubilearjend spoar.

Nei it skoft heaket **Yede van der Veen** earst noch koart yn op it ferhaal foar it skoft. Dit fansels mei ferhalen fan pake en heit dy’t op ‘e bus rieden op it stasjon en net op de trein.

Dêrnei stapt er oer op de “Halbertsma Nijs”. It krantsje fan it fabryk dat jierliks in kear as seis ferskynde. Hjirút sil er ús nijsgjirrige saken út de jierren ’40 en ’50 foartoverje. En rekkenje mar dat der in hiel soad (âld)Grousters yn foarkomme.

#### **Tongersdei 17 jannewaris.**

Dizze midwinterjûn stiet echt yn it teken fan de winter. **Jan Oostenbrug en Johannes de Vries** sille as (âld-)bestjoersleden fan de “Friesche Ijsbond” mei dêroan koppele de “Ijswegencentrales” de banen útsette en de wekken oanjaan. Oer swart-, snie- en bomis sette se miskien ek noch wol in streekje op de rûte fan de Tocht der Tochten. Koart sein, it wurd in kâld ferhaal.

#### **Tongersdei 7 maart.**

Ald-Grouster **Sander Douma** fertelt earst oer syn Grouster tiid mei G.A.V.C., Apollo, hurdfytsen en reedriden (Alvestêdentocht) ensf. en dêrnei werom’t hy (mei syn Joos) nei it Noard-Hollânske Schermerhorn ôfsette. Ut syn 40-jierrige arsjitektenpraktyk sil hy foarbylden fan slagge en net-slagge projekten nei foaren helje. Syn ûntwerp foar de oerkaping fan de besteande hurdfytsbaan yn Alkmaar wie it begjin fan de, al 23 boude, ynternasjonale banen rûnom yn de wrâld. De ferhalen hjiroer sille jûn ûnder de ‘baanskynwerpers’ holden wurde.

## FERSLACH OER IT WINTERSKOFT 2017 – 2018

Op 7 septimber ferstoar **Wiebe Hofstra** yn âldens fan 89 jier.

Oan it libben fan **Doekle Yntema**, dy't foar Stifting Grou û.o. oan it wurd west hat oer gymnastykferiening S.S.S. en keatsferiening It Wetterlân, komt op 24 septimber in ein. Hy is 95 jier wurden.

Op 24 oktober is fan ús hinnegien **Rika Veenstra-Oost**, sy waard 78 jier.

### **2 novimber**

Op dizze earste jûn kin foarsitter Yede van der Veen in goed besette seal wolkom hjitte. Yn 't bysûnder **Aly Westra-van der Mark** dy't ús meinimme sil lâns de tunen en parken oanlein nei de ûntwerpen fan de famylje Vlaskamp yn it tiidrek fan sa 1830 oant 1930. As earste wie der Lambertus Vlaskamp, oerkommen út de Achterhoek en as túnman begûn yn de tunen fan de adel rûnom Wassenaar. Troch de fryske fertakkingen (û.o. Van Haringsma thoe Sloten) oerhelle om nei Fryslân te kommen. Hij sette him te wenjen te Dokkum en hie de hân yn in de ûntwerpen fan in soad tunen om fryske lânhúzen en states (û.o. Fogelsangstate). Wie blykber te min sakeman, want hij rekke oan legerwâl en dêrom yn Veenhuzen opsluten, wer't er yn 1858 al stoar. Syn âldste soan Gerrit hat mei syn broer Arend de saken wer oppakt, ek om harren mem en de oare 4 bern troch de tiid te helpen. Arend is letter hortulanus wurden fan de botanyske tún yn Frensjer, mar Gerrit (20 jier noch mar) wêr't it dizze jûn om giet, hat yn noard-nederlân syn spoaren efterlitten as in kundich tûnarsjitekt. Gerrit krige de fuotten aardich ûnder it gat, te sjen oan it grut oantal lânhuzen-, state-, tsjerke- en pastorijtunen ensf. dy't nei syn ûntwerpen oanlein binne. De sprekster toand in grut oantal oarspronkelike tekeningen en foto's fan al dizze tunen. Dat der sa om 1870 wol aardich jild siet bij dizze opdrachtjouwers kin men sjen oan de romme, rike en weelderige opset. Dêryn stiene faaks djoere beammen (reade bûk wie in kenmerk fan Gerrit) en eksoatyske planten. Ek in prieeltsje wie gauris oanwêzich. Yn Ljouwert allinnich al wiene 42 tunen nei syn idee. Gerrit hat nea trouw west en wenne mei syn susters Ibeltsje en Beitske. It fermoeden is dat Ibeltsje de ûntwerpen yntekene mei prigelige beamen, strûkjes en planten. De ûntwerpen hiene altyd wat in Indysk motyf, lykas te finen op skoarstienmantelkleden, dus mei lange rûne drippen.

Nei it skoft fertelt Aly ús earst oer de oanlis fan in tún rûnom de Sint Pitertsjerke, dy 't nei de demping fan de Hôfsgreft en it ferbieden fan begraven om tsjerke (sa 1860 hinne) stâl krige. De tsjerke joech dêrnei opdracht ta it oanlizzen fan in nij tsjerkhôf oan de Spoardyk. Pas yn 1893 folge de opdracht oan Gerrit V. om rûnom dit hôf in park oan te lizzen. Yn de krante stie it sa; "Toen Gerrit Vlaskamp met de trein aankwam, stonden er 23 arbeiders met spaden en kruiwagens voor hem klaar". Hij wie doe al op leeftiid, dat de útfiering fan it wurk lei hij yn hannen fan Gabe Westra, dy't trouw wie mei syn jongste suster Jitske. It park waard feestelik iepen û.l.f. dr Grebe en 20 minderbedienden krigen 45 gûne te ferdielen. De oanlis koste f 495,80 foar Vlaskamp en f 40,- ekstra foar Westra. Dit park krige pas yn 1898 de namme Wilhelminapark doe 't dizze op 'e troan kaam. Smid Koldyk makke in smeidizeren poarte mei har namme en in hekje om de beam. Yn 1904 waard it byld fan dr. Eeltsje pleatst. It wie makke yn Amsterdam en yn trije dielen mei 't skip nei Grou fearn. We sjogge bylden fan de iepening en de ynrjochting, wêrbij it korps op de Stationswei stean moast fanwege it oanlizzend hôf. Douwe Atema skreaun in stik fol lof yn de krante oer it 'Plantsoen' sa't de Grousters it neamden. It stie tige yn de belanning, want mei boaten, bus en trein kamen de minsken om it park te besjen. Nei 1923 is it park gemeente-eigendom wurden en is it stadichoan fersutere. Lokkich kin it, mei troch de oanpak fan in groep Grousters yn 2017 wer besjen lije. Nei it toanen fan noch in mennich foto's fan tunen en parken rûnom yn Fryslân eindige dizze ûnderhâldende jûn, mei tank oan Aly v.d. Mark.

Dizze selde dei ferstoar **Fokke van der Meer** yn âldens fan 82 jier.

## 14 desimber

Nei it wolkomstwurld fan foarsitter Yede van der Veen set âld-Grouster **Anne Peenstra** útein mei syn ferhaal oer Goaiingahuzen. Sels as lytse jonge grut wurden op in pleats op Sitebuorren docht er ferslach fan it libjen en stribjen yn it lege midden fan Fryslân. Beskreaun yn it boek “Goaiingahuzen in machtich plakje” opset troch syn suster, dichter en skriuwster Auck Peanstra, en nei har ferstjerren, stâl jûn troch de sprekker en fan foto`s fersjoen troch Willem Wilstra. Beide mannen ferhale jûn fan de buorskip Goaiingahuzen, besteande út 7 pleatsen op It Eilân en 5 op de fêste wâl mei harren bewenners. Mei sang en gitaar iepent Anne syn foardracht mei in eigenmakke liet oer dit gea. It wie in dreech bestean yn dit sompige lân, wêr `t alles oer wetter oan- en ôffierd wurde moast. Oant de ruilverkaveling yn 1953 wiene der gjin ferhurde diken nei de Feanhoop, Aldeboarn en Nes. Alles moast mei de boat oanbrocht wurde. Foto`s fan boaten foar de bern nei skoalle, de post, de (fee)dokter, winkellju, feefoer en net te ferjitten de molkfarders wurde toand en in protte nammen geane oer de tafel. Dêrnêst wiene it de (syl)skouwen en salonkruserkes dy`t de boeren sels hiene om de ferbining, meast mei Grou, te ûnderhâlden. Alle pleatsen mei harren bewenners, mei yn`t algemien in protte bern, wurde yn wurd en byld beneamd, wêrby ek de lekken en brekken oan `e oarder komme.

Gong it wurk en ferkear bij`t simmer noch ridlik, yn de hjerst waard it in striid tsjin it opkommende wetter. Dykjes en mooltsjes moasten hûs en hiem droech hâlde, mar koene faaks net foarkomme dat it lân ûnderstrûpte. En hoe dreech wie it yn de winter as alles tichtferzen wie en noch minder as men net oer it iis mar der ek net troch koe. Fansels wie der ek iiswille.

Hoe oars is it no. Sawat alle pleatsen binne, foar safier net ôfbrutsen, yn rekreatyf gebrûk, benammen dy op It Eilân. In part is oer de dyk berikber en der leit sels in fytspont oer de Goaiingahústersleat. It Eilân is no eigendom fan It Fryske Gea en is natoergebiet wurden. Anne slút ôf mei bylden fan dizze natoer mei syn fûgels en wyld, wermei in ein komt oan in moaie jûn, mei tank fan de 155 oanwêzigen.

## 18 jannewaris

Nei in wurd fan wolkom en in nijjierswinsk fan foarsitter Yede van der Veen set **Klaas Stelma** útein mei in rûnlieding om en troch de Sint Pitertsjerke en toer. De earste is boud om 1200 hinne en de toer is fan 1300. Pas yn 1500 hinne binne beide oanelkoar ferbûn. Oan de westgevel fan de toer springt de gevelstien yn `t each dy`t ferhaalt fan de grutte wettersneedramp yn 1672. Oer it tsjerkhôf rinnend, yn gebrûk oant 1860, sjogge we in ynmetsle sinnewizer, siferstiennen fan grêfrigen, stiennen mei NAP-wetterhichte en de pomp mei reinwettersbak. Op dy kant ek de grêven fan de bruorren Eeltsje en Tsjalling Halbertsma en foaroan de poarte mei syn latynske spreuken. Yn de toer leit op healwei, it no elektrysk oandreaune, oerwurk foar de wizers en de klokken, dy `t hegerop foar de galmgatten lizze. Dêrboppen noch de elektromotor om de flaggemêst nei bûten te skowen. Wer ûnder yn tsjerke folget útlis oer de ynrjochting, de here- en tsjerkebanken, de preekstoel, famyljebuorden (Camstra en Roorda) en net te missen it hiele grutte Van Dam-oargel. Oer de flier grêfstiennen, ferrinneweard troch de byldenstoarm. Fierder komme “gebrûksfoarwerpen” as (staten)bibels, kollekteponkjes, jûnmielsbekers, doopfonten, kroanluchters en gesangbuorden oan `e oarder. Boppe, nêst it oargel, it klavier mei de balgen. Troch de muorre yn it koar fine we de tsjerkekeamers, yn gebrûk bij de tsjerkeried, kosterwenning en yn de 18<sup>e</sup> ieuw foar de rjochtspraak mei sels in sel. Oant 1966 stie der in apart kosterhûs tsjin de noardgevel. De koarmuorre is faak ferboud, te sjen oan in grienmank fan stiensoarten. Op it koardak it koepeltsje mei it lytse klokje fan 1800 hinne. De grutte klokken, troch de Dútsers stellen, binnen nij. Ut toer en koepeltsje hat men in in moai útsicht oer doarp, Mar en Ie en de lânnen rûnom. Ek yn sicht it kromme tsjerkedak, ûntstien troch de fergrutting fan de ramen oan de súdkant. Gefolg in fersakking fan de muorren wat opfongen is troch izeren balken yn it skip. Nei in grut ûnderhâld yn de jierren 60 en 80 kinne toer en tsjerke wer jierren mei.

As twadde sprekker begjint **Hepke Hiemstra** mei in plattegrûn fan Grou sa as it der hinne lei yn de tiid fan dr. Eeltsje. Hij giet dêrbij koart yn op syn libjen en stribjen yn syn berteplak mei syn protte wetters. Oan dy wetters op ferskate plakken skipshellingen foar benammen de bou fan houten kofskippen, fan grutte ekonomyske bestjutting foar Grou sa rûn 1800. It earste “Dorp Grouw” is doe al boud. Dizze skipsbou brocht ek in soad wurk mei foar blok- en seilmakkers, touslaggers,

moolners en oare winkellju. Op dizze skippen koene jo yntekenje as (diel)eigener, wat mei geunstige fartochten fertuten die, hoewol it betiden nuodlike reizen wiene. Ferûngelokje, mei fermiste bemanningen as gefolch, lei op 'e loer.

Yn Grou ûntstiene, troch dy wolfeart, aparte doarpsdielen as Grutte-, Lytse- en Tsjerkebuorren mei eigen rigels yn hoedzjen en noedzjen ûnder elkoar. Nei 1900 binne dy opgien yn algemiene maatskiplike organen, lykas it Griene Krús en Begraffenisferiening. Fansels bleaune der wol ferskillende tsjerklike rjochtingen mei sels twa menniste tsjerken. Itselde ferskaat fûn men ek yn de horekagelegenheden mei likefolle ferskillende útbaters. Dat Grou yn 't lân wol meispyle, waard dúdlik út de komst fan sprekkers as Domela Nieuwenhuis en Pieter Jelles Troelstra. Dat it goed gong koe men ek sjen oan de bou fan grutte keapmanshuzen (sa as it lettere earste gemeentehûs), nije skoalle en de Waach, foar de bûterhannel. Ek in trijetal mounes (hout, oalje en nôt) joegen it doarp oansjen. De ôfrin fan de nôtmoune op It Grien joech gâns opskuor. Nei 't de skipsbou om 1850 hinne ynsakke ferlear letter ek de lytse bûterhannel syn betsjutting. Grou hat der noch wol syn Halbertsma-fabriken (bûterfetsjes) oan oerholden en gong ek de suvelindustry op gruttere foet fierder, lykas oeral de skaalfergrutting tanaam. Mei in bedankje, ek út namme fan de 130 oanwêzigen, oan beide mannen foar harren dúdlike en ûnderhaldende ferhalen slute we de tredde jûn ôf.

Op 25 jannewaris is ferstoarn ús âld-stiper **Antje Kaastra-van der Meer**, 99 jier âld.

Op 10 febrewaris ferstoar **Aaltje Nauta-van der Velde**, 88 jier âld.

## 1 maart

Foarsitter Yede van der Veen kin dizze jûn twa sprekkers wolkom hjitte, dy't beide oer de bruorren Halbertsma en harren famylje te set sille. Foar sa'n hûndert tahearders, dy't nettsjinsteande de glûpende kjeld kommen binne, trapet **Eddie van der Noord** ôf mei de skriuwers fan de 'Rimen en Teltsjes'. Benammen de ferhalen en ferskes út de Lapekoer fan Gabe Skroar krije de oandacht. Joast en Eeltsje joegen mei dizze samling, printe yn in earste boekje (1822), de oanset ta harren geskriften, dy 't yn 1871 as Rimen en Teltsjes it ljocht seach. Fierders blykt út in libbensbeskriuwing fan de bruorren dat dy dochs wol tige ferskillend yn it libben stiene. Koart wjerjûn de karakteristiken;

Joast, de âldste (1789), wie in man fan de wrâld. Hij studearre foar dûmny, mar wie tagelyk ek wittenskipper en letterkundige. Hat in protte stêden yn Europa besocht en in grutte literêre kolleksje bijelkoar skreaun en sammele. Waard menniste-dûmny te Dimter. Syn hiele samling is neilitten oan in nije Fryske ynstânsje, dêr't letter it Frysk Museum út ûntstien is. Oer Joast ferskynt meikoarten in biografy, skreaun troch Halbertsma-kenner Alpita de Jong.

Tsjalling (1792) as twadde broer wie bûterkeapman, mar hie ek talinten as imitator en skriuwer fan koartswilige ferhalen, skerpsinnige satiryske stikjes en printen en nijsgjirrige fermakelikheden. Siet as lid yn de Fryske Staten. Kaam nei in sitting fan dit kolleezje fan de trep te fallen en ferstoar oan de gefolgen.

Binnert (1795) de tredde broer, wie earst harren heit opfolge as bakker, mar is letter hanneler en fabrikant fan bûterfetten wurden. Hij hie gjin literêre aspiraasjes, mar wie wol de binende faktor yn de famylje en de man dy't de earste oanset die ta de lettere Halbertsma's fabriken.

Eeltsje (1797) as lêste, learde foar dokter yn Leien en Heidelberg en hat dêrnei in praktyk hân yn syn bertedoarp Grou. Hie in net sa lokkich houlik en ferlear trije bern. In ûnôfhinklik man mei in grutte sosjale ynslach, mar ek in dreamer en bytiden swiermoedich en labyl. Wie wol de skriuwer/dichter mei de meast romantyske ynslach en hie mei Joast de grutste ynbring yn de Rimen en Teltsjes. Reden te mear om dit boek nochris te (her)lêzen.

Fierder wurdt dit in Halbertsmajier mei de opfiering fan it iepenlofspul "Gabe Skroar", in ier moarnsiten op it starteilân, eksposysje yn it Grouster museum, lêzing oer Joast yn it Frysk Museum en in jûn mei muzyk en sang yn tsjerke. Sjoch oankundigingen yn it Middelpunt en op ynternet.

Yn 't skoft wurdt earst ferslach dien troch de kaskommisje, (Mattie de Boer en Eggo Huininga), dat it der mei de boekhâlding goed foar stiet.

Dêrnei leit **Peter Dauvelier**, foarsitter fan it DorpsarchiefGrou, út wat men hjir mei foar hat. In groep fan 5 persoanen sammelt en oardert foto's, films en artikels oer Grou en bringt dit ûnder yn it Halbertsma-hûs. Sa no en dan wurde dizze saken útstald en is dit foar elk tagonglik. Hij ropt elkenien op om historysk materiaal bij it Doarpsargyf yn te leverjen.

As twadde sprekker lit **Tjerk Halbertsma** (yn 't plak kommen foar achterneef Tjalling) syn ljocht skine oer de Tsjalling-tak fan de famylje, dy't sa docht bliken net foar ien gat te fangen wie. Oerpake Tsjalling, de bûterkeapman, wenne yn Snits en as hy foar saken nei Ljouwert moast en de trein miste, der wol foar soarge dat er mei de goederentrein te plak kaam. Soan Hylke wie ek tige ûndernimmend, en behearde yn Indië ferskate plantages. Liet in hûs heech op peallen bouwe, omt it dêr koeler wie as yn it oerwâld. De folgjende Tsjalling, werom yn Nederlân, hie frijwat fantasy en liet dat merke as filmer en die him foar as argeolooch yn de grotten fan Lascaux yn Frankryk. De Tsjalling dêrop wenne yn Amsterdam en makke yn de oarloch mei dat der in bom op syn hûs foel. Eltsenien oerlibbe dizze klap. Hy wurke bij de KPM en mocht altyd saaklik fleane, benammen yn Súd-Amearika hie hij in protte kontakten. Slepte, as it hotel fol siet, yn in hangmat bûten. Slepte faak in protte jild mei ûnder syn himd, mar is lykwols nea bestellen. Hat letter ek noch konsul west yn Colombia. Syn soan wie krekt like avontuurlik, kaam in noch ûnbekende Indianenstam yn Brasilië op it spoar, wie ek natoerfilmer en helle mei dizze films in hoop donateurs foar it "Wereldnatuurfonds" op. En dit aventoer sit ek wer yn dy syn soan, as goekunde fan de president fan Mongolië, dêr dwaande as argeolooch en filmer. En dernêst bestiet der noch in Tsjalling mei projekten yn Uganda en dy't tagelyk de Noardpoal bereizge. En wat te tinken fan famyljelid Justus (Joast), sellist fan berop, dy 't 63 jier op in keamer yn it Hiltonhotel wenne. Sa blykt, dat de neiteam fan Tsjalling Halbertsma him rûnom yn 'e wrâld wol rêde koe. De foarsitter betanket de beide mannen foar harren beskriuwingen fan de Halbertsma's en winsket alle stipers in goede simmer en oant sjen yn novimber.

Ek yn dit maaitiid- en simmerskoft binne in oantal (âld-)stipers fan ús hinnegien:

Op 19 maart **Hanna Smit-Pijlman**, se waard krekt gjin 96 jier.

**Wimke Veenstra-de Groot** op 26 maart yn âldens fan 87 jier.

Op 2 april ferstoar **Henk van Duuren**, hy waard 83 jier.

**Sietse Postma** op 28 augustus yn âldens fan 84 jier.

### **WA WIT WÊR WAT.**

Us stipers witte en hawwe blykber alles fan Grou, want der is fan 't jier wer gjin fraach ynkommen.

As Jo Stifting Grou jildlik stypje wolle binne dêrta (belestingfreonlike) mooglikheden. Bygelyks de notariskantoaren yn Grou kinne Jo hjiroer neier ynformaasje jaan.
---

### **DE BYLAGE**

Dy giet dizze kear oer in grutte feroaring yn it bûtengebied fan Grou, mei namme Mar en Wide Ie.





Twa kear Mar en Ie mei dêrtusken de Burd. Op de foto hjirboppe om 1935 hinne, sjogge we yn de midden hoe 't de Burd as in smel farwetter foar boeren, molkfarders, winkelmannen en in lyts tal toeristen in ferbining foarmet tusken Mar en Wide Ie. Lofts boppe leit Grou. Fan it P.M.kanaal is noch gjin sprake en dit trochsnijdt dus ek noch net it lân ûnder Goatum (lofts) en de Haanskrite (midden). De skipfeart fynt syn wei troch de Rjochte Grou, de Galle, de Meer, Biggemar en Trijehústersleat (midden-rjochts). De Suderburd (midden) is noch lân oan de Tynjenta. Ek Aegehoek (midden) is noch fêst ferbûn oan it Eilân mei dêrop sichtber de pleats de Roek. Hielendal ûnder noch de Modderige Bol, mei dêrboppe de Jansleat dy't útkomt yn de Ie mei dêroan de pleats Heachhiem. Yn 'e midden oan de Mar (lofts) is ek noch de it Wetterleidinghûs te sjen en achteroan de Mar en de Minne Finne.



Hoe oars sjocht it der goed tachtich jier letter út. Benammen de nije ferbining tusken Mar en Wide Ie, dwers troch de Suderburd (midden) springt yn it each. Mei de namme Suderburdswiid is dit wetter gâns wider as de âlde Burd, rjochts derfan. Sa jouwe ek de trochstekken nei de Tynje en op Aegehoek (midden boppe en ûnder) en hiel oar byld. Ek de pleats de Roek derûnder is ferdwûn en feroare yn in haven mei trije arken. Troch al dizze fergravings binne nochal wat nije eilannen ûntstien. Wat ek opfalt binne de rekreaasjewenningen op de Burd (midden) en it rekreaasjeoord Yn 'e Lijte (midden-boppe) op de Haanskrite mei dêrboppe de jachthavens. It P.M. kanaal rint as in streep fan lofts nei rjochts oer dizze foto wat ek bij Trije Hûs ( úterst rjochts) in wiziging yn it lânskip (Hôflân) ta gefolch hie. En as lêste, net allinnich it wetter is tanommen, mar ditselde jild foar de bebouwing yn Grou.